

moasje nû.	
paraaf	
wurklistpunt	

MOASJE frjemd oan de oarder fan de dei, op grûn fan kêst 29.6 RfO

Steategearkomste	PS 15 febrewaris 2017
Wurklistpunt	Underwerp: It Bildtsk as erkende streektaal

De Steaten, yn gearkomste by elkoar op woansdei de 15e fan Sellemoanne 2017,

Oerwaagjende dat

- Yn Europa meartaligens de noarm is, allyksa yn Fryslân (koalysjeakkoart, side 22);
- Dit útsoarte op it Bildt ek it gefal is;
- It Bildtsk as streektaal it meast manifeste elemint is fan in sterk fiede lokale Bildtske identiteit;
- It provinsjale belied Hert Holle en Hannen dêroer seit dat it beliedsfjild taal giet oer 'ús soarchplicht foar it behâld en it befoarderjen fan de Fryske taal én de Fryske streektalen', en 'dat ús eigen minderheids- of streektalen ek op stipe en oandacht fan de Provinsje rekkenje meie';
- De Bilkerts perfoarst net wolle dat harren taal en identiteit ûndersnije yn de nije gemeente Waadhoeke nei de gemeentlike fusy per 1 jan 2018, en dêrom ekstra beskerming en aksje fan de oerheden freegje;

Konstatearjende dat

- De gemeente Het Bildt én de Provinsje Fryslân op 19 febrewaris 2016 al in oanfraach foar erkenning fan it Bildtsk yntsjinne hawwe by it Ryk, Europeesk parlemint en Rie fan Europa;
- Stichting Bildts Aigene op 7 febrewaris in petysje mei 1300 hantekeningen yntsjinne hat by de Twadde Keamer;
- De Minister gjin aksje ûndernimt foar in fierder geande erkenning fan it Bildtsk;
- De Twadde Keamer by de behanneling fan it weryndielingsútstel foar de gemeente It Bildt neat sein hat oer it Bildtsk;

Fan betinken dat

- Wy út de provinsjaal útsprutsen soarchplicht foar it behâld én befoarderjen fan it Frysk én de streektalen wei de Bilkerts in hert ûnder de riem stekke wolle dat it ek nei de weryndieling mei help fan de Provinsje goed komt mei harren taal en identiteit;

Fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- Yn oerlis mei de belanghawwende organisaasjes en oerheden te besjen op hokker wize it Bildtsk dochs in posysje krije kin yn it ramt fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden;
- Mei de nije gemeente Waadhoeke in ekstra ympuls te jaan op it mêd fan de Bildtske

taal en kultuer yn it ramt fan Hert Holle en Hannen en it nij op te stellen gemeentlike taalbeliedsplan;

- Spesjaal omtinken te jaan foar in bliwend goede posysje fan it Bildtsk yn it ramt fan it provinsjale ûnderwiisbelied, it frijstellingebelied om op de Bildtske skoallen Bildts as streektaal te jaan, ynklusyf (finansjele) stipe foar de (digitale) helpmiddels dy't dêrta nedich binne;

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	<i>(fraksje / namme / hantekening)</i> <i>FNP, Corlienke de Jong</i>
---------------	---